


## De Prairie, it Fjildsje, de Speeltún

Op inisjatyf fan it Doarps Argyf Grou (DAG) is der úteinset mei it yn kaart bringen fan de skiednis fan strjitten. Dy skiednis kin eins oer alles gean wat mei dy strjitte te krijen hat, lykas it ûntstean, de perselen, de bebouwing, harren eigners en bewenners ensfh. En dat kin dan wer útwreide wurde mei ferhalen, annekdoaten en de ûntwikkeling fan dy strjitten oan't hjoed de dei ta.

Yn dit ferhaal is net keazen foar ien strjitte mar foar it fjildsje tusken fjouwer strjitten yn.



Yn augustus 1954 kamen wy as earsten op it nije stik fan de Jogchum Nieuwenhuisstrjitte te wenjen, op nûmer 29. De huzen fan de Koningin Julianastrjitte stiene der al en trije blokjes heaks derop, twa oan de Jogchum Nieuwenhuisstrjitte en ien oan de Kanaalstrjitte. Oan de rest waard boud. Wy seagen earst de skippen troch it kanaal farren. De huzen waarden yn opdracht fan de 'Woningbouwvereniging Idaarderadeel' boud troch oannimmersbedriuw 'De Dood' út Snits.

De earste dagen hiene we wol stroom mar gjin wetter. We hellen dat by de boukraan dy't by Bauke-Lokke Visser foar hûs oan de dyk stie. Dat fûnen de wurklju wol slim foar ús mem, dat oan de ein fan de wike, dat wie doe noch op sneontemoarn, ha se it wetter oansluten.

We seagen al de huzen yn de oare blokken om ús hinne klear kommen. Krekt as ús eigen hûs krigen se stiennen flierren, ek op de earste ferdjipping. Dy flierren waarden as muorkes fan holle reade stien op de grûn mitsele. Der kamen izeren stêven yn de foegen tusken de stienlagen, dit as wapening. As se sterk genôch wiene waarden se mei lange karkes op luchtbanken by in helling op nei de earste ferdjipping fan de huzen riden.



Doe't alle huzen der stiene, bliuw it fjouwerkant tusken de Jogchum Nieuwenhuisstrjitte, de Prins Bernhardstrjitte, de Kanaalstrjitte en de Koningin Julianastrjitte braaklizzend oer. Al gau groeiden der op de noardlikste helte ruskepôlen. De súdhelte bestie út in grutte ûndjippe dobbe oan de eastkant. Dêr slobberen einen yn. Yn it midden en de westhelte lei it opspuite sân bleat. Dêr fuotballen we. Goals fan in pear bultsjes jassen. Dat hat mar in pear hoksruuten kostte. Doe't Wietse-Hinke de Vries der koart wennen, hat buorman Wietse latsjes as traaljes foar syn hoksraam setten.

We neamden dit fjouwerkant yn dy tiid 'de Prairie'. Dêr húsmannen ek neven, flieën en soksoarte bistkes.

De omwenjende heiten ha de koppen by elkoar stutsen en fûnen dat it oars moast. Se ha it mei-elkoar omspit en de gemeente hat de drainaazjegreppel achter de huzen fan de Koningin Julianastrjitte fatsoeneard en in ôffierbuis oer de westkant fan it hiem fan Koningin Julianastrjitte 25 lein en hat it terrein mei gêrssied ynsiedde.

Doe't yn de maitiid it gêrs opkaam, sieten der ek wat radizen tusken. Dêr wisten de bern wol ried mei. It ûnderhâld lei bij de gemeente. Dy kaam sa no en dan om it gêrs te meanen. Fan neven en flieën hiene we doe gjin oerlêst mear.



Doe feroare ek de namme en waard it 'it Fjildsje'.





De heiten wiene noch net klear, want der koe noch wol wat mear dien wurde. Mei ynset fan Bruinsma en oare lju fan de technyske tsjinst fan Halbertsma en mooglik ek fan it izerfabryk, dat wit ik net sa krekt, waarden skommels en wippen makke en der kaam in sânbak. Dy waard sa pleatst dat der yn it midden romte bleaun om te fuotbaljen. En sa waard it fan 'it Fjildsje', de Speeltún.

De boarterstún waard iepene op 4 july 1960. Offisjeel wie de boarterstún fan Plaatselijk Belang. Blykber hat dat der ek west foardat we in Pleatslik Belang Grou krigen.

Wa wennen doe yn de buert deromhinne? Mei help fan myn broer Arend, Bonne Bruinsma en Bauke Hooghiemster ha'k in oersjoch makke fan wa't der yn 1954 wennen en letter kamen te wenjen. We ha besocht de húshâldings folslein op te nimmen en sa steane der ek nammen op fan âldere bern dy't der net boarte ha.



Grou, 24 maart 2024  
Sake Jan Bokma

Graach jimme ferbetteringen, opmerkings, oanfullings, foto's, ensfh. nei  
[sjbokma@gmail.com](mailto:sjbokma@gmail.com).